



IMO



Boppebou

# DOARSTO?

**FRYSKE KOST**



# DOARSTO

## Bêste bern en learkrêft

Moai dat jimme meidogge oan de earste, echte Fryske challenge. Printsje de poster út en hingje dy op yn de klasse. Elke dei kieze jimme in nûmer fan de challenge, mar jim witte dan fansels noch net wat jimme dwaan moatte... Sykje de goede kaart derby en lit ien fan jimme de kaart foarlêze. Begrypt elk wat der gebeure moat? Dan beprate jimme mei elkoar hoe't jimme dat organisearje en wanneer't jimme de **Doarsto** útdaging útfiere. Doare jimme it oan?


Wy winskje jimme in protte wille ta en in ynspirearjende groet,  
Elly, Jolanda en Janke

Boppebou

# DOARSTO

## Beste kinderen en leerkracht


Fijn dat jullie meedoen aan de eerste echte Friese challenge! Druk de poster af en hang die op in de klas. Iedere dag kiezen jullie een nummer van de challenge, maar dan weten jullie natuurlijk nog niet wat jullie moeten doen...Zoek daarom de goede kaart erbij en laat iemand van jullie de kaart voorlezen. Begrijpt iedereen wat de uitdaging is? Dan bespreken jullie met elkaar hoe jullie dit organiseren en wanneer jullie de **Doarsto** uitdaging uitvoeren. De uitdagingen zijn in het Fries geschreven. Jullie moeten elkaar daarom goed helpen om de opdracht goed te snappen. Misschien verstaat een klasgenootje Fries en kan die helpen met het begrijpen van de tekst. Of misschien moeten jullie op zoek gaan naar iemand in school, die kan helpen. Of misschien hebben jullie een ander slim idee. Wij wensen jullie heel veel plezier en een inspirerende groet, Elly, Jolanda en Janke



Boppebou

- Spreek jezelf geen Fries? Stimuleer leerlingen juist wél om Fries te praten.
- Stimuleer de kinderen om de talen te vergelijken: Rys? Dat is grappig: in het Nederlands is het rijst. En pizza is in het Fries en Nederlands gelijk.
- Schakel een Friestalige leerling in als coach, die zo nu en dan een vraag of antwoord in het Fries of Nederlands vertaalt.
- Werken de kinderen in groepjes? Zorg dan dat er zo mogelijk een Friese leerling in ieder groepje zit.
- Wordt er geïmproviseerd met een challenge? Laat de kinderen dit eerst in het Nederlands doen en vertaal dan naar het Fries.
- Maak als taalsteun een woordveld op het bord.

**Gratis  
taaltips**



# STARTKAART

## **Doarsto yn trijetallen in echte floch te meitsjen?**

De bern meitsje in floch by it skilderij 'De aardappeleters' fan van Gogh.

Stap 1: Sykje de foto op fan 'De aardappeleters' fan van Gogh.

Stap 2: Besjoch it skilderij ien minút yn stilte.


Stap 3: Skriuw de keunstsinnige tinkfragen op en lis dy foar jim del:

- 1. Wa bist?**
- 2. Wêr bist?**
- 3. Wat sjochst?**
- 4. Wat tinkst?**
- 5. wat hearst?**
- 6. Wat fielst?**

Stap 4: Kies alle trije in persoan of ding fan it skilderij en fertel fanút dy persoan of ding dyn ferhaal. It antwurd op de fragen helpt hjirby.

Stap 5: Fertel it ferhaal nochris en set de kamera oan.

Stap 6: Lit elkoar jimme flochs sjen en jou tips en tops.



# DOARSTO 1

## Kinst mei dyn groepke in toanielstikje meitsje oer it gedicht?

De bern prate, ymprovisearje en presintearje nei oanlieding fan in gedicht.

**Nedich:** It gedicht 'Jirpels'.

### Stap 1:

Lês de earste fjouwer rigels: Wat no...?

### Stap 2:

Betink nei oanlieding hjirfan yn groepkes fan 4 of 5 in lyts toanielstikje. Heit, mem, pake, broer en ... binne it dúdlik net iens oer wat lekker iten is. Wat wol de ik-persoan graach ite? Wat bart der oan tafel? Wat bart der foar en nei it iten? Hoe losse se it op? Oerlis dat en spylje it út.

### Stap 3:

Presintearje de betochte sênes oan elkoar.

### Stap 4

Lês it hiele gedicht foar en bepraat mei elkoar wat de dichteres mei dit gedicht fertelle wol.

**Ekstra:** Noch mear ymprovisearje? Sjoch op de webside foar ynspiraasje.





## Jirpels

Us mem is gek op pasta,  
ús heit hat leaver rys,  
myn broer bestelt in pizza  
ús pake fynt soks fiis.

Syn wrâld bestiet út jirpels  
dêr draait it om by him,  
syn jirpelskilersmeske  
skylt tinner noch as tin.


Op moandei yt er Borgers  
op tiisdei Reade Star  
op woansdei Opperdoezen  
op tongersdei Doré's  
op freed dan binne it Bildtstar  
op sneon de Nicola's  
op snein skylt hy Irenes

en beppe seit:



**HAWAR!**

In ierpel of in jirpel  
der is gjin dei gelyk,  
do bliuwst myn Eigenheimer  
fol fleur en dynamyk!

**Lekker!!!**



*Troch: Baukje Wytsma  
Ut: Dat wie doe sa*





## DOARSTO 2

### **Kinsto in skilderij meitsje fan dyn itende famylje?**

De bern meitsje mei help fan in thúsmakke foto in skilderij fan harren eigen jûnsmiel.

**Nedich:** penselen, papier, ekoline

**Stap 1:** Meitsje thúsmakke foto fan it jûnsiten mei dyn famylje.

**Stap 2:** Fertel elkoar yn it Frysk watst op de foto sjochst. (Hokker iten en hokker minsken )




**Stap 3:** Eksperimentearje mei swarte ekoline en wetter. Brûk hjirfoar in penseel.

**Stap 4:** Skets dyn foto mei in potlead nei. Lûk it dêrnei oer mei in swarte stift.

**Stap 5:** Kleurje de skets yn mei swarte ekoline en wetter.

**Stap 6:** Presintearje yn it Frysk jim skilderijen.





## DOARSTO 3

**Kinsto mei de hiele groep 'the potatosong' sjonge?**

Nedich:

youtube filmke: <https://www.youtube.com/watchv=q7uyKYeGPdE&list=RDq7uyKYeGPdE>  
tekst fan de potatosong


**Stap 1:** Sykje the potatosong op youtube op.

**Stap 2:** Sykje de tekst fan de potatosong op en kopiearje dy foar de bern.






**Stap 2:** Harkje nei it ferske en lêse de tekst mei.

**Stap 3:** Sjong it ferske mei elkoar.






They're red, they're white, they're brown  
They get that way underground  
There can't be much to do  
So now they have blue ones too  
We don't care what they look like, we'll eat them  
Any way they can fit on our plate  
Any way we can conjure to heat them  
We're delighted to think they're just great  
PotaTo potaTo potaTo  
Potato Potato Potato Potato  
PoTato poTato poTato  
PotaTo potaTo potaTo



## DOARSTO 4



**Doarsto sjen te litten wat de jirpel is?**

**Nedich:** in grouwe jirpel

**Stap 1:** Gean yn in kring sitten. Lit de jirpel sjen en sis tsjin de bern: 'Dit kin alles wêze, útsein in jirpel.'

**Stap 2:** Lit de jirpel rûngean en lit de bern frij fantasearje.

**Stap 3:** As de jirpel werom is by de learkrêft kinst in gearfetting fan mooglikheden jaan.

**Stap 3:** Spylje as is de jirpel ien fan de dingen dy 't neamd is (pantomime). De bern meie sizze wat se sjogge. Ferkearde antwurden bestean net, alles helpt om de fantasij op gong te bringen.


**Stap 4:** Freegje: 'Wa kin sjen litte wat de jirpel noch mear is?' en jou de jirpel oan ien fan de bern. De oare bern kinne dan riede, mar it rieden is net it wichtichste. It giet benammen om it frij fantasearjen en spyljen.

**Stap 5:** De spiler mei de jirpel oan in oar jaan, sadat hy/sy dan sjen litte kin wat it is.



Ik bin in shampoo flesse.

Ik bin in keatsbal.



# DOARSTO 5

**Kinsto dyn eigen unike, orizjinele ierpelman of ierpelfrou meitsje?**

**Nedich:** ierpels, kralen, spjelden, pipereagers, stokjes, stofkes ensfh.


Diel de bern yn groepkes fan trije yn. De bern meitsje ierappelfigueren en betinke der in ferhaal by.



**Stap 1:** Besjoch de foarm fan dyn ierappel goed.

**Stap 2:** Betink en bepraat hokker type figueren goed by jimme foarmen passe, byg. in sporter, in plysje, in professor ensfh.

**Stap 3:** meitsje mei jim groepke trije ierappelfigueren.

**Stap 4:** Betink en eksperimintearje wat dizze trije figueren belibje.







## DOARSTO 6

**Kinsto mei dyn groepke de Frysk/Ingelske potatosong sjonge?**

**Nedich:** tekst fan de potatosong, filmke: <https://youtu.be/q7uyKYeGPdE?list=RDq7uyKYeGPdE>




**Stap 1:** Lês mei juf of master de Ingelske tekst goed troch.

**Stap 2:** Wa wit it Fryske wurd foar 'red'? En foar 'and white'? Set de Fryske wurden der del. Feroarje noch mear wurden en sinnen nei it Frysk.




**Stap 3:** Sjong de fertaalde sin hylyd even om te hearren oft it sa kloppet.

**Stap 4:** Sjong de nije tekst mei de hiele groep.





They're **read, en wyt en** brown  
They get that way underground  
**Der is net folle** to do  
**Dus binne der** blue ones too.  
We don't care what they look like, we'll eat them  
Any way they can fit on our plate  
Any way we can conjure to heat them  
We're delighted to think they're just great.  
PotaTo potaTo potaTo  
Potato Potato Potato Potato  
PoTato poTato poTato  
PotaTo potaTo potaTo



# DOARSTO 7



## Doarsto wat te sizzen sûnder te praten?

De bern spylje it ymprovisaasjespul: De ierpel is dea. Wa wie de moardner?

**Stap 1:** Fjouwer bern spylje it spul, de oaren binne publyk. Trije bern gean earst nei de gong, ien bliuwt yn de klasse.

**Stap 2:** De learkrêft fertelt spiler 1 wat it **berop fan de moardner** is, de **moardlokaasje** en it **moardwapen**.

**Stap 3:** Spiler 2 mei komme en spiler 1 byldet út wa't de moardner is. As spiler 2 tinkt te witten wa't dat is jout hy in hân. Dan byldet spiler 1 op deselde manier de moardlokaasje en it moardwapen út. Spiler 2 jout ek no wer in hân as hy tinkt dat hy of sy it wit. As spiler 2 alle trije tinkt te witten, mei spiler 1 sitten gean.

**Stap 4:** Spiler 3 wurdt fan de gong helle en spiler 2 lit sjen wat hy tinkt wa't de moardner, wat de moardlokaasje en it moardwapen is. Ek no wurdt der in hân jûn as it begrepen wurdt. Sa giet it spul troch en de lêste mei sizze wat hy of sy tinkt dat de antwurden binne.

## **MOARDNER:**


- \* fierljepper
- \* keatser
- \* master
- \* ferpleechster
- \* timmerman
- \* sjirurch
- \* bakker
- \* toskedokter


## **MOARDLOKAASJE:**

- \*pleats
- \*skoalle
- \*tsjerke
- \*boarterstún
- \*fuotbalfjild
- \*swimbad
- \*bosk
- \*trein

## **MOARDWAPEN:**

- \*sûkerbôle
- \*board snert
- \*drûge woarst
- \*klomp
- \*toskeboarstel
- \*broek
- \*blom
- \*stien





Is nûmer 5 dien?  
Oars earst nûmer 5  
dwaan.

## DOARSTO 8

**Kinsto moaie, gekke, leuke avontoeren betinke foar jim ierpelfigueren?**

**Nedich:** de trije ierpelfigueren, in ipad of tillefoan om foto's te meitsjen

De bern meitsje mei itselde trijetal as by **Doarsto 5** in fotostripferhaal.

**Stap 1:** Betink in Frysk ferhaal mei in dúdlik begjin (yntroduksje figueren), middenstik (probleem) en ein (oplossing fan it probleem). Betink mei elkoar ek hokker attributen jimme brûke wolle.

**Stap 2:** Meitsje foto's fan elke sêne en printsje dy út.

**Stap 3:** Plak de foto's yn de goede folchoarder op papier.

Skriuw de Fryske tekst derby. (yn praatwolkjes of derûnuer)

**Stap 4:** Lês elkoars strips en meitsje der ien stripboek fan.




# IERAPPELS SIEDE

Op in moaie dei...


En...wat fynst derfan?

Gesellich sa mei syn twaen yn in pantsje




Kryst it ek sa waarm?

Oh nee... spring!



Watfoar saus wolst?

It wetter rint my yn 'e mûle...



De jirpelfretters binne wer yn it lân!



Hy koe net springe!

Is nûmer 6 dien?  
Oars earst nûmer 6  
dwaan.

## DOARSTO 9

**Kinsto mei dyn groepke in eigen jirpelliet meitsje?**

De bern meitsje in eigen liettekst op in bekende meldij.

**Nedich:** pen en papier

**Stap 1:** Diel de bern yn groepkes yn en fertel dat se mei har groepke op in bekende meldij in eigen jirpelliet meitsje sille.


**Stap 2:** Kies in bekend berneferske, bygelyks 'Altijd is Kortjakje ziek' of wat oars.

**Stap 3:** Oerlis wêr't it ferske oer gean moat: In bange jirpel dy't net bakt wurde wol? Of in jirpel dy't yn stikken hakt wurdt ta patat? Of in stoere grutte jirpel dy't goed op'e lytse krieltsjes past?



**Stap 4:** Skriuw in nije tekst.

**Stap 5:** Presintearje jim nije liet. Herkent de groep hokker bekend ferske it op makke is?





In de maneschijn, in de maneschijn  
Klom ik op een trapje door het raamkozijn  
Maar je raadt het niet, nee je raadt het niet  
Zo doet een vogel en zo doet een vis  
En zo doet een duizendpoot, die schoenenpoetser is  
En dat is één en dat is twee  
En dat is dikke, dikke, dikke tante Kee  
En dat is recht en dat is krom  
En zo draaien wij het wielje nog eens om  
Rom-bom



Op in tryste dei, op in tryste dei  
Wie it beppe Tryntsje dy't tsjin pake sei:  
Ik haw echt ferlet: in jirpel út it fet  
Dit is de jirpel en dit is in mes  
En sa snijt in beppe, dy't patatten ite wol!  
En dat is ien en dat is twa  
En dy dikke dikke jirpel moat ik ha  
En dat is rjocht en dat is krom  
Ja wêr bisto, jirpelmantsje, kom kom kom  
Rom -bom

